

***Sjonge en oertinke by de bloeiwike Mûnein Readtsjerk ynt Readtsjerkje snein
30 augustus om healwei fjouweren hinne.***

15.00 oere. Wolkom mei in bakje kofje of tee.

15.30 oere. Ynlieding op de bloeiwike en de lekenpreek en sjonge: It Heitelân.

Dêr 't de dyk it lân omklammet,
Lyk in memme earm har bern,
Dêr 't de wylde se jamk flammet
Op in hap út Friso's hern';
Dêr 't de Stiennenman syn eagen
Stoarje lit oer fjild en strân,
**Dêr 't men eanget fan gjin weagen,
Dêr is 't leave Heitelân!(2x)**

Dêr 't Reaklif sa swietkes lonket
Yn de jountiidssinneskyn,
Dêr 't it bokweitblomke pronket
Tusken heide en beamguod yn,
Dêr 't de Aldehou syn brommen
Uren fier soms dreunt yn 't rûn,
**Dêr it tilt fan fee en blommen,
Dêr is 't oeral Fryske grûn! (2x)**

Dêr 't har froed de geaen spriede,
Tusken Lauwers, Linde en Flie,
Rêstich drôgjend, oft de ierde
Rûnom nocht en frede wie,
Dêr 't de grûn de soargen leannet
Fan de minsken warbre hân,
**Dêr 't men frij en feilich wennet,
Dêr is 't ynleaf Heitelân. (2x)**

Lit ús tinke oan âlde tiden;
Ieuwen fol fan lêst en noed,
Kriich tsjin frjemdfolk, fjuchtsjen, striden,
Wrakseljen mei wetterfloed,
Dêr 't dy 't âlde folk bewarre,
Dreech tsjin stoarm en twingerij;
**Dêr sil wy, as Friezen, swarre:
„Aldfaers erf, wy weitsje oer dy!” (2x)**

Eefkes stil wêze, op ús ynwurkje litte. Wat wol dit sizze en wat hâldt dit foar ús yn.

De Wâlden yn ús Heitelân: De Wâldsang:

Moai, sûnder wjergera binne de Wâlden:
Smûk skaadgjend beamtegrien oeral yn't rûn;
Blier laitsjend boulân, tierige greiden,
sjongende fûgels, sânich de grûn,
sjongende fûgels, sânich de grûn.
Moai, sûnder wjergera binne de Wâlden:
Smûk skaadgjend beamtegrien oeral yn't rûn.
Oeral yn't rûn, yn't rûn, oeral yn't rûn.

Maaimoanne' pronkseal binne de Wâlden:
't Hôf klaaid yn bloeiselwyt, geal sjongt en slacht;
Kijkes yn't finlân rinne te weidzjen,
't nôd weag't it fjild oer, swiid is de pracht,
't nôd weag't it fjild oer, swiid is de pracht
Maaimoanne' pronkseal binne de Wâlden:
't Hôf klaaid yn bloeiselwyt, geal sjongt en slacht,
geal sjongt en slacht en slacht,
geal sjongt en slacht.

Fryske bewenners hawwe de Wâlden:
Hja libje froed en from, sljocht binn' se en rjocht,
eang fan útwrydskens, gol en ienfâldich,
altyd deselde, wêr't men se sjocht,
altyd deselde, wêr't men se sjocht.
Fryske bewenners hawwe de Wâlden:
Hja libje froed en from, sljocht binn' se en rjocht,
sljocht binn' se en rjocht en rjocht,
sljocht binn' se en rjocht.

Bliid wêze. Thús wêze, thús fiele op ús grûn. Alles komt út de grûn en moat eins ek werom. De lânbou ynt ferline, no en hoe soe it wêze moatte? Sjogge wy de greidefûgels wer werom?

Simmermoarn:

Wat bisto leaflik,
Rizende simmermoarn!
't Opgeande sintsje
Laket my oan.
't Hoantsje kraait: kûkelû!
't Doke ropt: rûkûkû!
Ik wol ek sjonge
Fleurig fan toan.

Alles wat libbet
Docht der no sines by:
Fôltsjes en kealtsjes,

Hynders en kei.
Guoskes, dy snetterje,
Skiepkjes, dy bletterje;
Lamkes, dy springe nuvere blij.

't Lurkje yn 'e wolken,
't Eintsje yn 't lizich wiet,
't Moskje en 't swealtsje,
Elts sjongt syn liet.
d' Ea' barren klapperje,
Ljipkes wjukwapperje,
Skries op 'e hikke
Ropt grito-griet!

`k Woe foar gjin gûne
Dat 'k jit te sliepen lei;
't is my sa nochlik
Ier op `e dei.
Protters dy tsjotterje,
d 'Eksters dy skatterje,
Alles is fleurich:
Ik bin it mei.

De Maitiid

Dan komt de maitiid, maitiid yn it lân.
Dan laket alles, alles jin sa oan. De moaie maitiid mei syn blauwe loft,
is foar minsken en foar blom grif it moaiste skoft,
is foar minsken en foar blom grif it moaiste skoft.

As de fûgels striekes sjouwe nei it dak of holle beam.
As de fjilden har ûntjouwe en de blomkes iepen gean.

Dan komt de maitiid, maitiid yn it lân. Dan laket alles, alles jin sa oan.
De moaie maitiid mei syn blauwe loft,
is foar minsken en foar blom grif it moaiste skoft,
is foar minsken en foar blom grif it moaiste skoft.

As twa jonge minske-herten troch de leafde bin ferbûn.
En it houlik wurd besletten 't grutte libben wurd begûn.

Dan komt de maitiid, maitiid yn it lân. Dan laket alles, alles jin sa oan.
De moaie maitiid mei syn blauwe loft,
is foar minsken en foar blom grif it moaiste skoft,
is foar minsken en foar blom grif it moaiste skoft

Frijheid, genietsje fan alles om ús hinne. Dogge wy dit wol genôch of hâldt it wurk, de plicht en alles wêr 't wy fan fine dat it barre moat ús yn 'e skjirre? Alle regels en hoepels dêr 't wy trochhinne springe moatte! Soe it ek oars kinne? Thomas Piketty seit fan wol. Wat hâldt ús dan sa yn 'e greep? It systeem? Wa is hjir baas?

Wat sjogge wy om ús hinne? Frou/man, wa sjocht wat, wat wurdt ûndersocht foar wa en hoe kin dat oars.

It famke fan Mûnein:

It famke fan Mûnein, dy jaget troch it Griene wâld, sy wiuwt nei elk jong feint yn hiel de wide wrâld.

Refrein: No ja, no ja! Wat sin en wille is mear as jild. Yn bosk en iepen fjild, yn bosk en iepen fjild.

Myn ryk-rak fys fan stâl. Riid him troch de hikkedaam en set ek fuort fan wâl, as famke fan Mûnein.

Refrein

Men sjocht my thús net wer, sa lang myn wrakke bân it hâldt, ik swalkje hinnenwer oer hiel de wide wrâld. **Refrein**

Sjoch ik in bliere feint, ik riid dêr net mei gong by lâns. As't famke fan Mûnein gryp ik myn goede kâns. **Refrein**

Jou ús in lytse klint, in hoekje bou, in geit dêr ta. Al ha 'k gjin reade sint, hoe skoan sil wy 't dêr ha.

Refrein

Wenningneed is fan alle tiden, mar no ist wol hiel apart. Noch nea safolle kante meters per persoan hân. Hoe kin dat oars of sitte wy wer fêst ynt systeem? Swalkje oer de wide wrâld en hoe dogge wy dat, fyts, motor, auto, fleantúch of trein? En thús dan?

It Dokkumer Lokaaltsje.

Refrein:

Yn it Dokkumer lokaaltsje, siet men rom it hiele ein.

En it wie der sa smûk, as men siet yn 'e hoek.

O, wat wie dochs dat tramke soms fijn.

Yn it noarden fan Fryslân,
der ried ris in tram
mei in gong fan sa 'n tritich yn 't oer.

Mar de tiid gong foarby
en dat tramke moast wei.

En doe rekke de bouhoek fol fjoer. **Refrein**

In kommisje fan trije,
dy kaam oan it wurd.

Foar dy tram der moast komme in bus.

En it duorre net lang,
want it spoar wie net bang.
En no hinget in elts yn e lus. **Refrein**

Hiel de bouhoek stiet stram,
hast yn fjoer en yn flam,
want de bus nou dy is oan 'e rol.
En jo stean by de wei en jo kinne net mei,
want de bus, nou dy is altyd fol. **Refrein**

Dêrom nou ta beslút,
smyt dy bus der wer út,
en jou ús dan mar leaver it spoar.
Ek al fret hy de koal ek by 't weintsje hast fol,
en al wie men fan 't reizgjen wat goar. **Refrein**

Mar de tiid hat ús leard, dat it oars is betearde en de auto is fier favoryt.
Ek al sit men allinnich en is men wat minnich, sintrale as is fier favoryt. **Refrein**

Tiden hawwe tiden, sa 't it west hat sil it net wer wurde en dat moat ek net. Ek al sil de minske it bedjerre, de wrâld oerlibbet it wol. Dy kinst ferbetterje troch by dy sels te begjinnen.

Oastelik fant Readtsjerkje (melody Westzuidwest van Ameland)

Ten oasten fan it Readtsjerkje,
Dêr leit it Bûtefjild,
Dêr fynst de greiden grien en brún,
Mar moaie blomkes net.
Refrain:
*Fier binne de kimen, djip is dêr de sleat,
Moai is it kealtsje, mar de ko is neat.*

2. Heech, heech, heech, ja heech!
It libben is dêr dreech,
Mar ûnder yn de grûn, ja grûn,
Dêr rint de mol ynt rûn.
Refrain:

3. Doe't ik lesten út de Mûnein wei kaam,
Seach ik in reade bol,
Ik tocht dat it út de grûn wei kaam,
Mar it ferkleure hielendol.
Refrain:

4. Dy bol dat wie de sinne net,
Mar de moanne wie it ol,
Dy alle dagen wer wat let,
Nei ús ta draaie wol.
Refrain:

5. It wie in waarm jier,
Ek in hiel drûch jier,
De buien kamen let ynt jier,
De winter stronttrochwiet. **Refrain.**

Klimaatferoaring foar en neidielen. Wat kinst dwaan. Wy sitte hjir noch net sa raar, mar de tiid hâldt gjin skoft.

De tiid hâldt gjin skoft, de tiid hâldt gjin skoft.
De ljocht en tsjustere dagen, giet leafde ljocht verdagen.

Se geane en ferfleane, de tiid hâldt gjin skoft. (2x)

It Frysk Folksliet:

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede,
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
It Fryske lân fol eare en rom.

***Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!***

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen,
Oerâlde, leave Fryske grûn,
Nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
Dy't Friezen oan har lân ferbûn. ***Refrein.***

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare
Syn namme en taal, syn frije sin;
Syn wurd wie wet; rjocht, sljocht en trou syn leare,
En twang, fan wa ek, stie it tsjin. ***Refrein.***

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wês jimmer op dy âlders grut!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
In grien, in krêftich bloeiend leat! ***Refrein.***

